

Pleitnota boargeraksjegroep Sis Tsiis tsjin Deputearre Steaten fan Fryslân

tsien punten ‘ûntheffingen’

- Frysk is in ferplicht fak op skoallen yn it basisûnderwiis en yn 'e ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis.
- Skoallen kinne, neffens de ûnderwiiswetten, in dielûntheffing foar it ferplichte fak Frysk freegje, “Bijvoorbeeld omdat er niet voldoende bevoegde leerkrachten zijn. Of omdat in de omgeving bijna niemand Fries spreekt.” (www.rijksoverheid.nl)
- Provinsje Fryslân hat de ûntheffingen fêstlein yn in beliedsregel: alle skoallen yn it basis- en fuortset ûnderwiis moatte foar ein 2017 in lytsere of gruttere ûntheffing oanfreegje, fan gjin ûntheffing (Frysk lêzen en skriuwen leare) oant folsleine ûntheffing (gjin Frysk).
- De funksje fan de ûntheffingen is dat “scholen gemakkelijker aan de kerndoelen Fries kunnen voldoen.” (taalplan.frl)
- De kritearia foar takennen fan in lytsere of gruttere ûntheffing binne: de gemeente dêr't de skoalle/skoalmienskip stiet, i.e. wurdt dêr mear/minder Frysk praat, en wat de skoalle docht en tinkt dwaan te kinnen oan it Frysk; de ûntheffing is fjouwer jier jildich.
- De beliedsregel befettet *gjin* maatregel om it tal ûntheffingen foar it Frysk te ferminderjen nei fjouwer jier ('groeimodel') en gjin stimulâns, lit stean in ferplichting foar skoallen om yn 'e takomst mear oan it Frysk te dwaan. (Beliedsregel foar ûntheffingen)
- In 'groeimodel', dat “het wenkend perspectief vormt” (Uitvoeringsplan Hert Holle Hannen), hat krekt ein 2018 in útgongspunt, nammentlik de jûne ûntheffingen sels, i.e. wat skoallen sizze oan it Frysk dwaan te sille, mar noch net dien ha. (Uitvoeringsplan Hert Holle Hannen)
- Der is gjin tafersjoch op it jaan fan Frysk op skoallen: de ûnderwiisynspeksje sil net dalik kontrolearje.
- In eventueel 'groeimodel' ken *gjin konkreet doel*: “het lange termijndoel is dat de meeste Friese scholen zoveel mogelijk kerndoelen van het Fries weten te realiseren.” (Uitvoeringsplan Hert Holle Hannen)
- In eventueel 'groeimodel' sil *net* jilde foar *alle* Fryske skoallen; mar inkeld en allinnich foar skoallen/skoalmienskippen dy't yn gemeenten fêstige binne dêr't neffens de Taaltatlas Frysk (dy't net mear as in yndikaasje is) foldwaande Frysk praat wurdt. (Beliedsregel)

Provinsje Fryslân, 'Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs', Provinciaal Blad Nû. 3671, 26 juny 2015.